

L J Æ C H T.



» **Ljæcht!**” spriik de Almacht. In de chaös
 Spat, forserikt, net ien, — yn ’t neat.
 Leaden damp in mist fordwyne,
 In de wraod is frij in bleat.
 Nou ontsprute kroed in blommen
 Uet ’e frije, blije groon,
 Nou is ’t libben, tier in wille
 Op dizze ierdkleat, yn it roon.



De Almacht folgjend, spriik yn Neêrlân
 Æk it frije Lânsbestjoer:
 » **Ljæcht!**” In oel in nachtspoek fleagen,
 Rimpn wei, ues kryten oer.
 In yn ’t oanscyn fen ’e sinne,
 In gjin nachtbret meer ta buet,
 Fljucht de frije geest nei boppen
 In slacht blij syn wjukken uet.



Mar uet fiere, tjustre kroften,
 Grynje ues altyt de oelen oan,
 Sceldsje in rache op ljæcht in sinne,
 Fen ’e moärne ta de joun,

As de koekkoek is it jimmer :
Schouje it ljæcht; it makket blyn !
Neat sa noflyk , neat sa sillig ,
As de ljeawe scymerscyn !



Frije geesten , yn it roone
Harkje nei gjin oelebret!
Klap de wjukken! Fljuch nei hegens ,
Frees de ljeawe sinne net ;
Ljæcht bringt seine , tier in wille ,
Nacht in tjuster , — quolm in onk ,
Wolle y rjucht it libben smeitsje ,
War den de oelen fen jon honk.

J. G. VAN BLOM.

